

## **Wetter**

Linda de Haan

Afûk, 2025

ISBN 978-94-93318-69-4

Leeftiid 6+

## **It boek yn it koart**

Wisse ferwûnderet him omraak. Hy hâldt fan wetter en wetter hâldt fan Wisse. Yn 'e goate, yn 'e sleat, út 'e loft, achter de dyk, op it strân: oeral is Wetter. As der in wetterprofessor by syn grutte buorjunge Gyan op skoalle yn 'e groep op besite komt, mei Wisse ek meidwaan fan master.

## **Tema's**

*wetter, see, sleat, rivier, dyk, loft, strân, dûs, hûske, ôfwaskje, drinkwetter, swimme, stroom, bellebaas, muzyk, proefkes, wettersneedramp, útfiningen, klimaat, takomst, boartsje, post, keunst*

## **YNHALD**

OER IT BOEK

GEARFETTING

OAN 'E SLACH MEI IT BOEK

PRATE OER IT BOEK

SKRIUWE, TEKENJE EN BOUWE

UTFINE

PRATE, FILOSOFEARJE EN BOUWE

SKRIUWE

Wurkblêd 1 – Fyn wat út!

OER WETTERSKIP FRYSLÂN

OER LINDA DE HAAN



## **OER IT BOEK**

It is in (blau)kleurich printeboek op grut formaat. De yllustrator hat gebrûk makke fan kleurpotlead, grafyk, stimpels en in part fan it byld bestiet út tetrapakprints, in drûge-nulle-etstechnyk. De haadpersoan fan it boek eksperimintearret graach; by it meitsjen fan it boek waard ek eksperimintearre, û.o. mei in kombinaasje fan belleblaas en inket om mei te tekenjen. De typografy slút goed oan by it byld en fersterket it ferhaal. It boek waard makke yn gearwurking mei Wetterskip Fryslân en presintearre yn it Woudagemaal.

## **GEARFETTING**

It boek giet oer Wisse. Wisse ferwûnderet him omraak. Hy hâldt fan wetter en wetter hâldt fan Wisse. Yn 'e goate, yn 'e sleat, út 'e loft, achter de dyk, op it strân: oeral is Wetter. As der in wetterprofessor by syn grutte buorjunge Gyan op skoalle yn 'e groep op besite komt, mei Wisse ek meidwaan fan master. Magysk fynt er it, alle proefkes en ferhalen. Sels yn it wykein as er mei syn mem op 'en paad giet is er noch dwaande mei wetter en proefkes. Hy graaft slinken en diken op it strân. Dêr op it strân fynt er ek in âlde flesse mei in echte âlde brief: flessepost. Sawol mem as Wisse kinne gjin wiis wurde út de ynhâld fan de brief. Mar as se wer thús binne ûntdekt Gyan dat it in brief út 1825 is, it jier fan de fergeffen wettersneedramp. Dat set Wisse oan it tinken. As er op skoalle sels in brief oan de takomst skriuwe mei, wit er fuort wêr't dy brief oer gean moat.



>>

## OAN 'E SLACH MEI IT BOEK

- Lit de foarkant sjen, freegje de bern wêr't sy tinke dat it boek oer giet.
- Lês de achterflaptekst foar.  
Wat binne de bern no te witten kommen?  
Wa is de jonge op de foarkant?
- Lês it ferhaal foar. Foar in printeboek is it in lang ferhaal, yn twa dielen foarlêze kin ek.

## PRATE OER IT BOEK

- Gean yn petear mei de klasse.
- Freegje de bern:
  - Fertel ris, wat fynst ynteressant oan it boek?
  - Wêr wolst mear fan witte?
  - In boek oer wetter, krijst dêr ek toarst fan?
  - Of nocht om te swimmen?
  - Wat dochsto it leafst mei wetter?
  - Ast kieze meist, wat soest dan no mei wetter dwaan wolle?
  - Wat fynst net sa moai/goed oan it boek?
  - Of wat fynst dreech of ûndúdlik?
- Set de antwurden fan de learlingen yn stekwurden op it boerd. Binne der dingen dy't faker weromkomme? Falt in bepaald tema of ûnderwerp op?

## SKRIUWE, TEKENJE EN BOUWE

- Fertel: In XXL útfining op it flak fan wetter is It Woudagemaal op 'e Lemmer. It is it grutste noch wurkjende stoomgemaal fan de wrâld. Mei help fan stoom pompt it gemaal wetter fan it lân (de Fryske boezem) nei de Iselmar.

## UTFINE

- Sjoch mei de bern nei de yllustraasje op side 2 fan it boek. Freegje oan de bern:
  - Wat sjogge jim?
  - Wa wit wat in Super Soaker is?
  - Hoe wurket in Super Soaker?
  - Wat ha dy filters mei dat reservoir fan de Super Soaker te krijen?

- Meitsje mei-inoar in lange list mei útfiningen dy't mei wetter te krijen ha.

Bygelyks:  
*paraplu,*  
*kofjesetapparaat,*  
*blommejitter...*



## Opdracht 'Fyn wat út'

Tiid: 30–45 min.

Groep: 5/6/7

Brûk by dizze opdracht wurkblêd 1 - Fyn wat út!

- Rin troch de klasse, is it by elkenien slagge?
- Lit bern dy't klear binne klasgenoaten helpe dy't wol wat help brûke kinne.
- Kopiear alle útfiningen en lis alle útfiningen mei de bern op alfabetyske folchoarder. Voilà, no ha jim in eigen klassewurdboek mei wetterútfiningen.
- Lit de bern sels wat fertelle oer de útfiningen. Sit der in útfining by dy't jim mei-inoar sels echt bouwe kinne?

**Besykje dan foaral om dy ek echt te meitsjen of te bouwen!**



## PRATE, FILOSOFEARJE EN BOUWE



- Sjoch mei de bern nei de yllustraasje mei de trochbrutsen dyk. (side 34-35)
- Fertel: Yn febrewaris 1825, mear as 200 jier lyn, oerstreamde in grut part fan Nederlân. In ferneatigjende stoarmfloed soarge derfoar dat it wetter net mear tsjin te hâlden wie. Doe't it wetter tige heech stie, koenen in protte diken de druk net oan. De see en de rivieren oerstreamden, diken brutsen troch en it wetter streamde oer it lân. Tûzenen minsken en bisten kamen yn gefaar.
- Freegje oan de bern: Wat makket in dyk in goede en feilige dyk?  
Mei in dyk kinst noch folle mear as wetter bûten de doar hâlde.
- Skriu op of betink watst allegearre op, achter of mei in dyk dwaan kinst.  
Tink oan positive assosjaasjes mei de dyk, bygelyks: *fan de dyk rôlje, slydzje (wol de goede kant op slydzje fansels), fûgels spotte, skiep telle...*
- Fertel: Faak rinne der skiep op 'e dyk, it binne de gersmeaners fan 'e dyk, dat is superhandich. Mar dat is noch net alles, skiep traapje de gersmatte op 'e dyk oan, dêrmei fersterkje se de diken.

## Lústertip!

Piter Wilkens skreau in liet 'Dykskiep':

<https://www.youtube.com/watch?v=nAguA6DwsTw>



Foto: Nienke Brokke

### Opdracht 'Keunstwurk'

Tiid: 15–30 min.

Groep: 4/5/6/7

Materiaal: klaai of lego

- Sjoch mei de bern nei dizze foto.
- Fertel: Dit keunstwurk bestiet echt, do kinst it fine yn Easterbierrum en it is makke troch Nienke Brokke. Soksoarte fan keunst neamst lânskips keunst.

Dit keunstwurk hat ek al in titel\*. Mar as de bern sels in titel foar dit keunstwurk betinke meie, hoe soene se it dan neame?

\*Titel fan it keunstwurk ûnderoan de lesbrief

Mei in bytsje fantasy soest ek tinke kinne dat dit in grutte crossbaan is. Toch is crosse oer in keunstwurk of oer de dyk net sa'n goed idee. We moatte fansels sunich wêze op diken en op keunstwurken. Der binne der tal fan grutte keunstwurken op 'e râne fan lân en wetter, sjoch mar.



Wêrom meitsje keunstners keunst op 'e râne fan lân en wetter?

- Untwerp dyn eigen keunstwurk foar op in dyk. Klear?
- Ekstra opdracht foar de bern: Betink in grappige of krekt in hiele serieuze of just in hiele saaije titel foar dyn keunstwurk.



### SKRIUWE

#### Opdracht 'Flessepost'

Tiid: 30–40 min.

Groep: 5/6/7

- Sjoch mei de bern nei de yllustraasje mei de flessepost. (side 24 - 25)
- Sjoch mei de bern nei de yllustraasje mei de trochbrutsen dyk. (side 34 - 35)



De learlingen skriuwe in brief út it ferline op in los fel papier.



#### Skriuwtip!

Sjoch ris nei it YouTube filmke oer it brûken fan de sintugen *schrijftip* van *schoolschrijver Lida Dijkstra*:

[https://www.youtube.com/watch?v=a1kavg\\_tLJo](https://www.youtube.com/watch?v=a1kavg_tLJo)

*De opdracht foar de bern:*

- Wat soe der yn de brief út 1825 stean? Dat ha we net sjoen/lêzen mar dat kinst miskien no wol betinke. Wa hat in idee?
- Lit twa of trije bern oan it wurd en lit de bern dan harren eigen brief skriuwe.
- De bern skriuwe de brief út 1825 op in los fel papier. Lit se betinke troch wa't de brief skreaun is, troch in bern fan 9 of troch in boargemaster, in bakker of ...  
It is fantasy fansels, libje dy út! Oerdriuwe mei!  
Dat moat sels. Sukses!
- Brief klear? Rôlje dyn brief op, doch der in toutsje omhinne en stopje him yn in flesse.
- Set him by immen thús yn 'e brievebus, yn 'e reintonne of set him by dyn juf of master op it buro of ... hooplik is der ien dy't dy op tiid rêde sil.


# WURKBLIED 1 – Fyn wat út!

## STAP 1

**Watfoar wetterapparaat, dat der noch net is, soesto sels útfine wolle?**

Wilst it net? jout neat, betink dan watst útfine kinst mei in gatsjepanne of in jerrycan.

*Skriuw hjirûnder watst betocht hast:*



*parajitplu*

## STAP 2

**Wat hast nedich foar dyn útfining?**

## STAP 3


**Tekenje hjir hoe 't dyn útfining der útsjocht.**

## STAP 4

**Betink in namme foar dyn útfining.**

## STAP 5

**Meitsje in beskriuwing fan dyn útfining foar yn it wurdboek of Wikipedia.**



*Ferjit net derby te setten hoe djoer oft dyn útfining yn 'e winkel is.*

## OER WETTERSKIP FRYSLÂN

It wetterskip hat trije spearpunten: feilich, skjin en genôch wetter.



### Feilich

Stevige diken beskermje Fryslân tsjin heech wetter. It wetterskip beheart de diken dy't ús tsjin oerstreamingen beskermje. Ek kontrolearje se kaden en wâlskanten lâns marren, kanalen en fearten. It wetterskip soarget foar feilige diken, no en yn de takomst.

### Skjin

Alle dagen geane we nei it húske, dogge we de ôfwask, steane we ûnder de dûs. Al dit ôffalwetter komt telâne yn it rioel. En dan? It wetterskip suveret dit ôffalwetter op rioelwettersuveringsynstallaasjes. Dêrnei streamt it werom nei it oerflaktewetter.

### Genôch

It wetterskip soarget ek foar foldwaande wetter yn marren, plassen, fearten en sleatten. Se hâlde it wetter op peil yn Fryslân en in part fan it Grinzer Westerkwartier. Yn gearwurking mei de natoer en de boeren yn de omjouwing regelje se de wetterstannen.

## OER LINDA DE HAAN

Linda de Haan (1976) is al mear as 25 jier yllustrator fan in grut ferskaat oan berneboeken, tydskriften en ynformative publikaasjes.

Binnen har wurk is in fêste styl te ûntdekken; mar se lit har yn de kar fan har materiaal en foarm/technyk graach meifiere troch de tekst en ynhâld om ta de bêste gearstalling fan wurd en byld te kommen. Se is berne yn Burgum, yn in wâldhúske, en as bern lies, tekene en nifele se graach. Nei de middelbere skoalle (it Drachtster Lyceum), gie sy nei keunstakademy Minerva yn Grins. 'Dêr is se ôfstudearre as dosint tekenjen en yllustrator.

Har debút *Kening & Kening* (2000) makke se yn gearwurking mei Stern Nijland, it boek is yn 12 talen oersetten en wrâldwiid bewurke foar teäter en ballet.


Yn har meast resinte wurk lit De Haan har ynspirearje troch de wrâld om har hinne. Yn *Ik wol in bosk op 'e jierdei* is der in link nei *Bosk* (it kuijerjende Bosk) en *Circle4change* (in fytsende beam en in grut Europeesk jierdeisbosk).

Ferskate ynspiraasjeboarnen binne werom te finen yn WETTER.

Sa is it Woudagemaal ferwurke yn in yllustraasje (sânkastiel op it strân). It Woudagemaal is iepen foar publyk en skoalbesites.



De Wetterbar, in keunstwurk yn de foarm fan in wettermolekule is te finen yn Ljouwert en ek te sjen yn in yllustraasje. De Wetterbar is makke troch de keunstners Groenewoud en Buij.




Yn oanrin nei it meitsjen fan it boek *Wetter* is De Haan yn De Wetterbar west om te tekenjen. Se gie mei wetterprofessors fan Young Wetsus op 'en paad nei skoallen.

Fia Wetterskip Fryslân en Lotte Jensen kaam se mear te witten oer de fergetten wettersneedramp fan 1825. Artikels yn 'e krante soargen dat it laboratoariumskip Tara en de Super Soaker fan Nasa yngenieur Lennie Johnson werom te finen binne yn it boek.



In oar artikel oer in flessepost dy't 47 jier ûnderweis west hat en ek noch beântwurde is, wie de ynspiraasje foar de link tusken tusken ferline en takomst yn it boek.



### Fryske keardoelen

Berneboeken mei links nei keunst, kultuer, miljeu en technyk en takomst en ferline kinne breed ynset wurde en passe dan ek goed by domein D fan de Fryske keardoelen - Fryske skiednis, geografy & kultuer.

Skoallen binne fan herte wolkom by It Woudagemaal, UNESCO Werelderfgoed, in bysûnder plak dêr't skiednis, technyk, arsjitektuer en wetterbehear gearkomme.

#### Ir. D.F. Woudagemaal & bezoekerscentrum

Gemaalweg 1  
8531 PS LEMMER  
+31 (0) 514 561814  
www.woudagemaal.nl  
info@woudagemaal.nl

\* De titel fan it keunstwurk fan Nienke Brokke is:  
'Een dijk van een wijf'

<https://sense-of-place.eu/experience/dijk-van-een-wijf/>

Yllustraasjes fan de keunstwurken op 'e dyk:

'Wachten op hoog water' troch Jan Ketelaar

'Tempel op de dijk' troch Ids Willemsma

<https://sense-of-place.eu/experience/>

<https://waddenvereniging.nl/waddenmagazine/dijkiconen/>

